

KFS hat gjin

frijstelde

mear

Jaep Dykstra, dy't sûnt 1962 frijstelde west hat fan it Kristlik Frysk Selskip, hat nou in bincaming krigen as learaer oan de kristlike ulû to Ljouwert, sadat it KFS nou sûnder frijstelde sit. Der komt ek gjin nije yn it plak, omdat dat finansiël tige min gean sil. Dit waerd sneontomiddei bikend op de hjerstgearkomste fan it selskip yn it Oranjehotel to Ljouwert. De finansiële tasizzingen, dy't yn 1962 dien wiene, wiene foar fiif jier en rounen mei koarten ek ôf. Dochs hie it jild foar de frijstelde noch mei hingjen en wringjen byelkoar swile wurde moatten.

In syn iepeningswurd sei de foarsitter de hear R. Boomgaardt fierders, dat de Biweging forlet hat fan in aksjeprogram op lange termyn. „De Biweging moat der styl op nei hâlde. „Wy binne bang foar eksklamaesjes en ropperij”. Neffens de KFS-foarsitter moat men ek de positive dingen sjen dy't de Biweging brocht hat: de Hillige Histoarje, it Bliid Boadskip en de nije bibeloersetting. „De boeken en de literatuer moatte de Biweging gesach jaen en wy hawwe datoangeande in greate tradysje op to hâlden”.

„Dochs mei dat net bitsjutte, dat wy net stride moatte”, sei de hear Boomgaardt. Hwat de lege studio fan de RONO oanbilange, stelde de foarsitter út in ultimatum oan de Nederlandse Radio Unie to stellen: as der foar 1 jannewaris 1967 noch gjin personiel yn de studio is, lit de RONO dan fan eltsen yn yn Fryslân, dy't harkersjild bitellet, f 2 ôfhâlde.

Ek oer it probleem Frysk en Frij waerd der sneontomiddei praet. Der wiene forskate útstellen en der hie sels in plan west om de Stim fan Fryslân tonei as meidielingsbledtsje te ornearjen en de rest oan Frysk en Frij oer to dwaen, mar dochs wie neffens de foarsitter gjin inkele fan de plannen riëel útfierber.

Pater Halvard Hetteema hâldde in ta spræk oer Kristendom en Friezendom. „Hwat is de sin fan dat wurd kristlik?” frege de sprekker him ôf, „dekt it de lading noch? Is it in program, in útdaging, in provokaesje?” It kristendom hat in stimpel printe op Fryslân. „Mar it Fryslân fan hjoed is net mear dat fan juster en it soe in utopy wêze dat wy as kristen it sa litte meije as it is. Wy moatte as kristenen in andert jaen”, sei de sprekker, „ek de Trinussen en Annen hawwe rjocht op in earlik andert fan ús kant. „Pater Hetteema rôp op ta mear gearwurking fan kristlik Fryslân, hoewol't er gjin foarstanner alderlei saneemd „oeumenysk” gedoch wie. Mar bygelyks togearre in psalm-en gesangboek útjaen dat achte hie ien fan de reele mûglicheden.